Liturgy 8 novimber 2026

Tsjerkeried komt deryn (klok, kearsen, hân)

Wolkom en stilte

Sjonge: Liet 103: 1 en 5 *Lit alles yn my sjonge foar de Heare*

1 Lit alles yn my sjonge foar de Heare,
lit hiel myn hert Him loovje en Him earje!
Ferjit net dat Hy al dyn kwea ferjout.
Hy giet foarop, Hy wit de rjochte wegen.
By sykte_en dea lit Hy dy net ferlegen,
Hy kroant mei goedens wa't op Him betrout.

5 Sa't sterke hannen fan in heit allinne
syn eigen bern yn leafde drage kinne,
sa tilt Hy ús troch wâld en wyldernis.
Ut stof fan de_ierde hat de Heare_ús makke.
Syn soargen gean oer 't lytse en it swakke,
want Hy betinkt, hoe tear ús libben is.

Begjinwurden

Kyriegebed

Sjonge: Liet 869: 1, 3 en 5 *Loovje de Hear, ús heechste goed*

1 Loovje de Hear, ús heechste goed,
oarsprong fan al it goede,
dy't alles wûnderlik bestjoert,
wy libje yn syn hoede.
Hy dy't ús frede_en blidens is
ferljochtet alle tsjusternis.
Jou oan ús God de eare!

3 Wat God yn de_oanfang skepen hat
dat lit syn hân net farre.
Hy hat de wrâld syn heil besward
en yn syn trou bewarre.
Dy't libje ûnder syn bestjoer
ferbliidzje har en hawwe_it goed.
Jou oan ús God de eare!

5 Wa't treast en bystân misse moat
– gjin minsken om te helpen –
dy komt úteinlik net tekoart,
God sil syn triennen stjelpe.
Hy bûcht him oer it faai bestean
fan har dy't troch de djipten gean.
Jou oan ús God de eare!

Gebed by de iepening fan it Wurd

Sjonge: Liet 288 *Goeiemoarn, wês wolkom dizze dei*

1. Goeiemoarn, wês wolkom dizze dei,
ús ferhalen nimme wy wer mei,
Laitsje, gûle, lok en ûngemak,
alles krijt syn plak.

2. God, wy freegje, wês der hjoed wer by.
Foar Jo sjonge_en ta Jo bidde wy.
Wy mei ús en Jo mei jo ferhaal
yn ús minsketaal.'

Dêrnei geane de bern nei de bernetsjinst.

Lêze: Matt.25: 14-30

Sjonge: Liet 751: 1, 2 en 3 *De Hear komt midden yn 'e nacht*

1. De Hear komt midden yn 'e nacht!
No is noch alles stil,
mar sillich dy't nei lange wacht
syn komst begroetsje sil

2. Al komt gjinien syn namme_yn 't sin,
leaut nimmen yn syn dei,
gjin macht fan minsken hâldt Him tsjin:
Hy hat it sels fersein.

3. Wa docht as tsjinstfeint sa syn bêst
op 't wurk dêr't hy foar stiet,
dat, as syn Hear komt, hy gerêst
Him yn 'e mjitte giet?

Preek

Sjonge: Liet 912 *Nim myn libben, lit it, Hear*

1. Nim myn libben, lit it, Hear,
tawijd wêze oan jo ear.
Nim myn oeren en myn tiid,
dat ik foar it goede striid.

2. Nim myn hannen, jou se macht
ta jo wurk by dei en nacht.
Nim myn fuotten, dat se stil
gean de wegen fan jo wil.

3. Nim myn stim, sadat myn liet
Jo, myn kening, hulde biedt.
Nim myn lippen, lis se op
dat ik fan jo dieden rop.

4. Nim myn sulver en myn goud,
dat ik dêr net op fertrou.
Nim myn krêft en myn ferstân,
ark mei 't wêze yn jo hân.

5. Nim myn wil en meitsje 'm frij,
brek de eigen eare_yn my.
Nim myn hert Jo ta in troan,
wenplak fan jo Geast aloan.

6. Nim myn leafde, leave God,
'k jou oan Jo myn grutste skat.
Nim mysels en mear en mear
wol 'k my oan Jo wije, Hear.

Gebeden

Kollekte

Hillich nachtmiel

Sjonge: Lied 975: 1, 3 en 4 *Jezus wol hjir minsken moetsje*

1. Jezus wol hjir minsken moetsje
dy't yn wurd en bea en liet
Gods oanwêzichheid belide
by wa't op syn wegen giet.
Lof de Skepper dy't ús gearbrocht,
lof de Soan dy't freonskip biedt,
lof de Geast dy't by ús wennet,
dy't yn hoop en noed ús liedt.

3. Jezus ropt ús byinoarren,
skele we_ek as nacht en dei;
ras of hûdkleur, rangen, stannen,
neat dat ús wjerhâlde mei.
Jou de hân oan freon en frjemdling,
jou de hân oan jong en âld,
oan wa't leaut en oan wa't twivelet,
wierheidsikers yn 'e wrâld.

4. Jezus wol ús gasthear wêze
oan syn tafel, rom en wiid,
foar de tsjerke hjir en boppe
moetingsplak yn romte_en tiid.
Diel dan brea en wyn, syn lichem,
diel yn ’t liet fan lof en ear,
diel it feest foar hillige sûnders,
gean te gast by God, de Hear.

Útnoeging

F: De Hear hat syn tafel reemakke
foar wa’t op Him betrouwe en Him leafhawwe.
Kristus noeget ús om tankber en leauwich
mei te stimmen yn ‘e lofprizing fan syn tsjerke
en brea en wyn út syn hân oanrikt te krijen.

Fredegroet

F: Dat de frede fan de Hear altyd mei jim wêze mei.
A: **En mei jo.**

Tafelgebed

F: Bring tank oan God, want Hy is goed.
A: **Syn leafde is de ein fan wei.**
F: Wy loovje Jo, machtige God, om it ljocht fan dizze dei,
om it libben út jo hân, om de leafde dy’t ús jûn is.
A: **Wy loovje Jo, machtige God.**
F: Wy loovje Jo, ivige God, om de wurken dy’t Jo dogge,
om de rêding dy’t ús brocht is, om jo Wurd dat rjochting jout.
A: **Wy loovje Jo, ivige God.**
F: Wy loovje Jo, hillige God, om de minske nei jo hert,
jo Soan dy’t ús stjoerd is, Jezus Kristus, ús Heilân,
A: **Wy loovje Jo, hillige God.**
F: dy’t op ‘e jûn foar syn lijen
it brea nommen hat, brutsen, en it dielde mei syn freonen:
‘Nim et yt, ,yn lichem foar jim.’
A: **Wy tankje Jo, God fan ús heil.**
F: Dy’t de beker nommen hat en him dielde mei syn freonen:
‘It nije ferbûn yn myn bloed, fergetten ta ferjowing en fersoening.’
A: **Wy tankje Jo, God fan ús heil.**
F: Wy loovje Jo, fanwegen Him dy’t wy hjir en no betinke
mei dit brea en dizze beker.
Stjoer jo Geast yn ús fermidden.
A: **Stjoer jo Geast yn ús fermidden.**
F: Foegje ús gear ta ien lichem
dat trillet fan libben en geastkrêft, mei hannen dy’t gerjochtichheid dogge
en fuotten dy’t geane op ‘e wei fan ‘e frede.
A: **Foegje ús gear, dat wy wer libje.**

F: Sa loovje en tankje wy Jo
mei elkenien yn himel en op ierde, want Hy is ús rêder en befrijer,
Jezus Kristus, jo Soan en ús Hear.

A: **Oan Jo de ear, de macht en de gloarje.**

A: **Ús Heit yn ‘e himel, lit jo name hillige wurde,**
lit jo keninkryk komme, lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn ‘e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea en ferjou ús ús skulden,
sa’t wy ús skuldners ek ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme, mar ferlos ús fan ‘e kweade.
Want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid oant yn ivichheid.
Amen.

Sjonge: Liet 389 (op ‘e wize fan Ps.134) *It brea dat ús foar eagen stiet*

1 It brea dat ús foar eagen stiet
en him geduldich brekke liet,
it is jo lichem, Hear, dat gol
as manna yn ús delgean wol.

2 De wyn dy’t by ús rûngiet hjoed,
it is de omgong fan jo bloed;
it sprekt ús fan in heimenis:
jo hertslach, dy’t ús libben is.

3 Us lippen drage troch de wyn,
it bloedmerk fan it doarskezyn,
sa giet de dea ús hert foarby,
o Laam fan God, Jo loovje wy.

4 Jo binne_in gasthear, dy’t foar ús
in breahûs en in wyngerd is.
Sa sêdzje Jo ús kear op kear;
Jo binne sels ús oerfloed, Hear.

Wurden by brea en beker Útdiele fan brea en bekerkes

Tankgebed

Sjonge: Liet 704 *No tankje allegear*

1. No tankje allegear
mei hert en mûle_en hannen
God, dy’t syn wûnders docht
hjir en yn alle lannen,
dy’t al fan jongs ôf oan,
ja, fan ús bertedei,
ús laat hat oan syn hân
en ús syn trou tasei.

2. Mei de_ivich rike God
goedgeunstich om ús tinke
en ús de frede_yn ’t hert
en wiere freugde skinke!
Barmhertich is de Hear,
dy’t ús ferloste_út need,
syn goedens hat gjin ein,
Hy helpt by alle leed.

3. Lof Heit en Soan en Geast
mei minske-_en ingeletonge!
Om syn genede_en macht
moat al wat libbet sjonge.
Fan Him, de iene Hear,
joech it ferline blyk;
it hjoed sprekt fan syn trou,
de takomst is syn ryk.

Segen